

**Frouwehannel:**

it skeinen fan it rjocht fan froulju om te beskikken oer eigen lichem en libben.

**Frouwehannel:**

it skeinen fan de rjochten fan de minske.

**Frouwehannel:**

in slim misdriuw neffens de (Nederlânske) wetjouwing.



Wolle jo mear ynformaasje oer ús aktiviteiten?  
Wolle jo ús finansjeel of oars stypje ?  
Wolle jo tegearre mei ús stride foar in  
rjochtfeardige, demokratyske maatskippij ?

**Nim dan kontakt mei ús op !**

**Stichting Religieuzen tegen Vrouwenhandel**

Sint Janssingel 92  
NL 5211 DA Den Bosch  
Nederland

Tel: 073 – 615 44 44

Fax: 073 – 615 44 49

E-mail: [srtv@srtv.info](mailto:srtv@srtv.info)

Website: [www.srtv.info](http://www.srtv.info)

Bankgiro: 420557 t.n.v. SRTV

KvK 34156001

**Maria**

Maria libbe yn earmoede. Eltse dei moast se de striid oangean om in lyts ynkommen by elkoar te skraabjen. Sa koe se har bern en har famylje in bytsje ûnderhâlde. Se joech de hoop op in better libben lykwols net op. Dêrom weage se op in dei in kâns. Se tekene in kontrakt by in agentskip. Dat bea har in goede baan yn Europa oan. Mei hege fertjinsten. Sa tocht se as kultureel dûnseres oan de ellinde te ûntkommen. Doe't se yn Nederlân oankaam die bliken dat alle dreamen bedroch wienen. Yn stee fan de taseine baan waard se twongen yn in seksclub te wurkjen.

**Theresa**

Theresa liet har ynskriuwe by in korrespondinsje-club. Sa hope se in rike man te finen. Har korrespondinsje-freon noege har út om nei Dútslân te kommen. Doe't sy oankaam wie de teloarstelling grut. Der die bliken dat har takomstige man net allinnich folle âlder wie, mar hy wie ek alkoholist. Hy mishannele har.

**Lita**

In Belgyske toerist sei Lita in baan ta as sekretaresse yn syn hotel. Doe't se yn België oankaam, pakte hy daliks har paspoart ôf. Dêrnei waard se twongen ta prostitúsje.



Stichting Religieuzen

**TSJIN FROUWEHANNEL**

Sint Janssingel 92, 5211 DA Den Bosch



**Om rjocht te dwaan oan alle  
ûnderdrukte froulju yn 'e wrâld stride  
wy mei elkoar om de boeien fan de  
slavernij te ferbrekken.**

---

## Frouwehannel

Elts jier wurdt der in ferskuorrend oantal froulju út Azië, Afrika en Latynsk Amearika nei rike lannen helle. Ek nei Nederlân ! Dat bart troch hannelers dy't jild oan harren ferstjinje wolle. De frouwen wurdt in goedbetelle baan of in serieuus houlik tasein. Faak geane se op dat oanbod yn. Se tinke de kâns te krijen harren sels en harren famylje in bettere takomst te besoargjen. Rike lannen wurde foarspegele as in finansjeel paradys. Mar de werklikheid is hiel oars.

---

## Misbrûk

Op alle mooglike manieren wurde dizze froulju ta prostitúsje twongen. Se ha meastal gjin ferbliuwsfergunning dy't op harren namme stiet. Se binne hielendal ôfhinklik fan de hannelers. Harren paspoart wurdt ôfnommen. Se sprekke de taal net. Se wurde bedrige, mishannele, opsluten. Se meie gjin kontakt mei famyljeleden opnimme. Eltsenien dy't besiket om immen te help te roppen wurdt bestraft. It is tige moeilik om de sitewaasje fan twang en misbrûk te ûntflechtsjen.

---

## Machteleas

De politike, sosjale en ekonomyske sitewaasje yn de Tredde Wrâld-lannen wurket de frouwehannel en twongen prostitúsje yn'e hân. De driuwfear foar hannelers is de honger nei jild. Sy meitsje misbrûk fan de earmoed dêr't in protte froulju tsjin fjochtsje wolle.

Frouwehannel is in gefolch fan de ûngelikese machtsferhâldingen tuske rike en earme lannen, tusken machtige en machteleaze minsken, tusken manlju en froulju.

---

## Ynternasjonaal

Ut solidariteit mei ûnderdrukte froulju is it inisjatyf ûntstien ta de oprjochting fan in lanlik netwurk:


### *'Religieuzen tsjin Frouwehannel'*

Yn oparbeidzjen mei de Stichting tsjin Frouwehannel en mei oare groepen en organisaasjes wolle wy in bydrage leverje oan de striid tsjin de groeiende hannel yn frouwen. In striid dy't ynternasjonaal fierd wurdt.

It is ús opset mei foarm te jaan oan in minslike takomst foar froulju dy't it slachtoffer wurden binne fan ûnrjochtfeardige praktiken.

Us stribjen is ek om op dit mêd gearwurking ta stân te bringen tusken froulike religieuzen oer de hiele wrâld.

Troch útwiksling fan ûnderfinings en troch mienskiplike ôfspraken kin in daam opsmiten wurde. Tsjin ûnderdrukking en ûnfrijens.



---

## Aktiviteiten

Us wurkgroep hat keazen foar ferskate foarmen fan solidariteit.

- Opsetten fan in ynternasjonaal netwurk mei as spesifyk doel: religieuzen yn ûntwikkelings-lannen bewust meitsje fan it ferskynsel frouwehannel; harren oantrune help te jaan oan slachtoffers dy't werom kommen binne; harren oantrune om froulju yn it eigen lân goed ynformaasje te jaan.
- Publisiteit en foarljochting rjochtsje op orden, kongregaasjes en oare persoanen dy't ynteresse ha.
- Bywenjen fan prosessen om morele stipe te jaan oan froulju dy't harren hannelers oankleie.
- Beynfloedzjen fan (Nederlânske) politisi troch ynformaasje te jaan.
- Fersprieden fan previnsjefolders ûnder froulju yn lannen dêr't sy wei komme.
- Underhâlden fan kontakten mei religieuzen oer de hiele wrâld.
- Mei beynfloedzjen fan de publike opiny troch it bekend meitsjen fan twongen prostitúsje.
- It ûndersteunen fan yndividuele froulju yn Nederlân yn oparbeidzjen mei de lanlike Stichting tsjin Frouwehannel.

**Bliuw net tasjen hoe't froulju krinke, fernedere en misbrûkt wurde!**